# „Klein Mellema" yn it Leechlân by

9 aug 1964 opbrând — (de foarem bleanstean)

# Grou biwenne troch H. R. Hofstra

**Op de kaert fan Eekhof fine wy as buorpleats fan „Groot Mellema" hwer't ik it de foarige kearen oer hawn ha „Klein Mellema". Dizze pleats, it model kop-romp, stie dy deis doe't ik dêr wie, as it ware to dreamen oan de âlde opfeart. En doe't ik oan de oare kant fan de opfeart stie om in foto fan de huzinge to meitsjen, doe koe ik dat dreamen wol in bytsje folgje. „Ja", sa tocht ik, „Klein Mellema, hjir is folle foarby gien, hjir binne hiel hwat frachten hea foar de wâl kommen, hjir binne hiel hwat switdrippen fallen. Mar hjir hat ek hiel hwat fortier west".**

*Doe dreamde ik mei en seach de hurdsyldersskou fan Hylke Sytsma mei de flagge yn 'e mêst dêr foar de wâl lizzen, it teken dat der in priis woun wie en dêr libben eigentlik alle Leechlânners yn mei, hwant hjir wienen altyd twa boeren mei dwaende. Hylke Sytsma eigenerstjûrman en Jolle Nauta fokhâlder.*

*Hwat waerd der in wurk op dien. De skou kaem earst op 'e wâl en waerd fan ûnderen mei spekswaerden ynsmard. It izer oan swurden en kyl waerd opskerpe, sa, dat se troch wier en snilen hinne snijden. It lit him tinke, dat der nei ôfrin fan sa 'n hurdsylderij blidens op „Klein Mellema" wie.*

*„Ja âlde pleats", sa tocht ik, „mimerje mar hwat oer it forline, dit is foarby, de Grouster boeren binne gjin hurdsilers mear. Se wenje nou oan de forhurde dyk, al is dat dan hjir ek noch in sintelreed".*

Ik makke my los fan itjinge foarby wie en stapte nei de pleats ta om yn 'e kunde to kommen mei de biwenners fan nou. De boer wie net thús, mar de boerinne koe my wol to wurd stean.

De huzinge is eigen oan de tsjintwurdige biwenners, Hendrik Rients Hofstra en Sjoukje van der Meer. Se brûke in 20 ha lân, hjir fan leit in part oan 'e Folkertsleat, sa dat de frachten hea foar de wâl noch net alhiel in dream is en in part leit thús. Eigener fan it lân dat thús leit is de Ottema-Kingma-stichting.

Yn de floreen- en stimkohieren fan Grou is Klein Mellema to finen by nû. 50. Eigeners en brûkers hawwe west:

1640 Tryntje Sichum en Ysbrand Gravius eigener.

1698 De Brigadier Unkel eigener,

S.A.S. Yn 1903 wie Haaije Maurits (Grou) wz. eigner fan Lyts Mellema. Ik mien dit opmeitsje to kinnen ût in forkeapboekje fan Gr. Fenwierstra ût 1903

Gerben Baukes brûker.

1708 Generael majoor Unkel eigener, Gerben Baukes brûker.

1718 As yn 1708.

1728-1748 Mefr. Catharina v. Burmania eignerske, Anne en Hinne Sytzes brûkers.

1758 Boargemaster Bourbon eigener, Anne en Hinne Sytses brûkers.

1768 Mefr. Iskjen Katharina Bourbon, widd. v. Sloterdijk eignerske, Anne Sytses brûker.

1778 Selde eignerske, Anne Sytses widd. brûker.

1788 Selde eignerske, Hoite Annes brûker.

1798 F. W. P. Y. C. en de Old Grytman v. Sloterdyk eigeners, Hooite Annes brûker.

1818-1828 Erven Sloterdijk eigener Hoaite Annes Nijdam brûker.

1838 Fam. Simon eigener, Hoyte Annes Nijdam brûker.

1848 Selde eigener, Kornelis Sipkes de Jong brûker.

1858 Jacobus E Simon 21-40 part; Martinus Chr. Simon 19-120 part; Willem Augustus Simon 19-120 part; Amelia Maria 19-120 part eigeners, fruchtgebrûk Jacobus E. Simon; J. H. v. d. Wal brûker. Klein Mellema hie 72 pounsmiet floreenplichtich lân.

Oant safier de floreenkohieren.

Yn myn bernejierren wennen Jan Reinder Beeksma en Trijntje de Jong der. Harren opfolgers hawwe west: Hijlke Sijtsma en Fetje Jaarsma. Yn 1911 binne der kommen to wenjen Haite van Stralen en Trijntje .... en Ulbe van Stralen en Minke v. d. Wal. Doe wie neist de buorkerij ek it fiskjen in boarne fan ynkomsten.

Yn 1944 binne Aesge v. d. Meer en Lutske Betlehem fan Biggemarswâl forhuze nei dizze pleats en fan 1951 ôf buorkje Hendrik Rients Hofstra en Sjoukje van der Meer hjir.

Klein Mellema haw ik efkes dreame litten. Nei myn praetsje mei de boerinne wit ik dat it bidriuw wekker is, der is hiel hwat to dwaen en foar dreamen is der gjin tiid.

d. H.